

[0247] 10. I.I. Tiensma, Ph. & L. S. stiet der ûnder it fers *Oon mijn wirde fruen den trog-geleerden iongfeynt Ybe Fennema wanneer hy te Frentjer yn de hæge scholle ooner 't hægwijs-bestjoer fin dy heer Jan finder Waayen, sijn mâster oer 't tjerck bedriuw fin 't judsche volk, disputærende oon alle kaanten fijn letter læpe lye besprongen wyerde* (1691 A) yn de frentsjerter *Disputatio theologica, in qua vera Hebraicorum rituum origo vindicatur contra J. Spencerum. Continuatio III. (Franequeræ 1691)* fan *Ibertus Fennema, Frisius*. Yn de, allyksa yn Frentsjer fordigene, *Dissertatio philologica de mysteriis deorum cabirorum (Franeqveræ 1695)* fan *Tobias Gutberleth, W(erner) F(ilius) T(obiæ) N(epos), Leovard. Frisius* hat deselde auteur, dy't him nou inkeld *J. Tiensma* neamt, in ferske skreaun, dat bigjint mei de rigel: *So 'k sliuchs koe/ So woe ik prijse/* (1695A).

Yn it matrikel fan de frentsjerter akadeemje stiet ús dichter yn 1689 (of 1690?) ynskreaun as *Julius Johannides Tiensma*. De forbinende skeakel tusken him en syn heit en mem fine wy yn de Ljouwerter weesboeken (W. 1691-1696, f. 84-85), dêr't Rutger Douwes op 28-29 aug. 1693 rekkenskip jowt fan syn bihear as "Curator over de goederen eerst van Ancke en Julius Joannis naegelaten zoon ende dochtertie van w: Joannes Julij in leven Bedienaer des Goddelijcken Woorts, en w: Grietie Brongersma in tijden echtel. tot Menaldum, en nae het affsterven van voors: Ancke Joannis over Julius Joannides Tiensma S:S: Theologiæ Studiosus in de Universiteit te Franequer alleen". Julius Johannides Tiensma syn heit, *Johannes Julij*, wie yn 1639 yn Oentsjerk berne as soan fan de doomny dêrre, Julius Atzonis; hy wie yn 1654 ta skoalmaster bineamd yn Hurdegaryp, wie yn 1663 S. Min. Candidatus wurden yn Ljouwert en yn 1666 doomny yn Menaem. Yn Hurdegaryp wie as syn frou neamd Trijntje Hermanus ²⁾, mar op 21 maart 1669 troude er yn Menaem mei "*Grijtie Brongersma* binnen Leeuwerden" ³⁾, in dochter fan Hillebrant Brongersma en Antie Dircks ⁴⁾. Johannes Julij en Grijtie Brongersma litte har âldste soan Julius dope op 28 maeije 1671 ³⁾. Op 9 febr. 1678 forstjert de heit ²⁾, en op 24 febr. fan itselde jier lit syn widdou, Grijttie Brongersma, yn Menaem har lêste soan dope ³⁾. Grytsje Brongersma, doopt yn Ljouwert op 11 jann. 1652 ⁵⁾, ynskreaun

2) Romein, Naamlijst, p. 90.

3) Tsjerkeboek Menaem op R.A. yn Ljouwert (OBS, Menamerdiel 22a).

4) Undertroud yn Ljouwert op 6 febr. 1646. Cf. de nammen fan de oare bern fan Johannes Julii en Grietie Brongersma: Antie (d. 8-12-1672), Hillebrandus (d. 25-2-1674), Antie (d. 19-12-1675), Joannes (d. 24-2-1678).

5) Ljouwerter doopboek 1643-1668, f. 181^v: Magriet Hillebrant brongersma.

as lidmaet yn Ljouwert op 7 aug. 1667 ¹⁾ en as lidmaet yn Menaem op 2 maeije 1669 "met attestatie van Leeuwerden", komt op 27 juny 1679 mei attestasje wer oer nei de Ljouwerter gemeente „van Menaldum", tagelyk mei (har suster) Tielte Brongersma ¹⁾, dy't yn Ljouwert doopt wie op 21 febr. 1658 ²⁾ en yn Menaem as lidmaet ynskreaun wie op 27 okt. 1671. Wy meije der fan útgean, dat de bern fan doomny Johannes Julii yn of foar 1679 mei mem en muoike yn Ljouwert ûnderdak foun ha. Op 14 nov. 1679 forsiket „Tielte Brongersma moeij over Julius old 8 Antie 3 jaaren, kinderen van Dns. Joannes Julij in leven prædicant tot Menaem bij Grietie Brongersma in Echte verwekt" om de bineaming fan de boelguodskriuwer Rutger Douwes ta kerater oer de beide bern en har goed ³⁾. Wy meije út dat forsyk fan de muoike fan de bern wol hast opmeitsje, dat de mem, Grietie Brongersma, dan al forstoarn is. Nei alle gedachten is Julius Tiensma doe by syn muoike, Tielte Brongersma, bleaun, ek nei har trouwen mei de goudsmid Eijsse Andeles op 16 febr. 1682. Dat er by syn kerater Rutger Douwes (Rodenburg) en syn wiif Tielte Jacobs yn 'e hûs west hawwe soe, leit winliken net bot yn 'e reden. Yn beide gefallen soed er nammers syn jongestiid yn Ljouwert trochbrocht hawwe. Bûten Tiensma syn ynskriuwing oan de frentsjerter akadeemje en syn dichterlike aktiviteiten dêr wurde wy noch gewaer, dat Julius Tiensma op 13 maart 1695 as lidmaet fan 'e Ljouwerter gemeente ynskreaun wurdt mei attestasje "van Maccum" ¹⁾. Hoe en hwanne oft er yn Makkum torjochtekommen is, en hoe lang oft er dêr tahâlden hat, is my net bikend. Fan 1695 is ek syn ferske yn de dissertasje fan Tobias Gutberleth. Oer Tiensma syn fierdere libbensrin haw ik neat fine kinnen.

1) Kopy Ljouwerter lidmateboek op Stedsarchyf yn Ljouwert.

2) Ljouwerter doopboek 1643-1668, f. 239^v: teelkijen hillebrant brongersma.

3) Ljouwerter autorisaesjeboeken W7, f. 39^v.